

De skoallen op de lytse doarpen — in "eigen" argumint foar har bestean (1)

1.1. Ynlieding

Fan 't winter en fan 't maitiid hat yn krante en tydskrift in bulte omtinken west foar de lytse skoalle. Yn Fryslân binne dat faken de skoallen op de lytse doarpen. De sosiaal-kulturele funksje fan dizze skoallen is wichtich. Tal fan groepen en organisaasjes ûnderskriuwe dit hjoed-de-dei. Sa sitte de Stifting "It Libbene doarp" en de Feriening fan Lytse Doarpen yn noed, omdat mei it ferdwinen fan in skoalle allerhande foarsjennings op 'e doarpen yn 'e kiif komme te stean (1). Nêst it ûnderwiiskundich rjocht fan bestean kenne ek in wurkgroep fan de Provinsiale Underwiisried fan Fryslân en it "centraal overleg kleine scholen" in sosiaal-kulturele wearde ta oan de lytse skoalle. (2)

Yn de Provinsiale Underwiisried is der fan 't winter nochris op wiisd, dat as in skoalle op 1 jannewaris minder as 50 learlingen hat (75 yn grutte gemeenten) de gemeenteried beslute moat de skoalle op te heffen. Der kin dan foar 3 jier ûntheffing frege wurde by Deputearre Steaten, dy't dy ûntheffing frijwol altiten jouwe. Der is boppedat noch in aparte regeling foar iepenbiere skoallen, dy't yn 1937 minder as 50, mar mear as 25 learlingen hiene. Dy hawwe doe in ûntheffing krigen foar altiten. Se hoege dus nea wer te freegjen, ek al soene der mar 4 bern op sa'n skoalle sitte. Foar it bysûnder ûnderwiis jilde deselde noarmen. As lykwols skoallen 3 jier efterinoar ûnder 2/3 fan it stiftingsgetal sitte (dat is itselde getal as foar it iepenbier ûnderwiis jildt) moatte se opheft wurde. Der kin gjin ûntheffing frege wurde by D.S., mar by de minister, dy't de ûntheffing dan foar ien jier jout. Skoallen dy't foar 1920 al bestiene hawwe noch wer bysûndere rjochten. (3)

J. Boorsma wiist der yn De Pompeblêden fan 11 febrewaris 1978 op, dat as de lytse skoalle wei wurdt, in grutte fersutering ûntstean sil op it Fryske plattelân. Soks sil syn gefolgen hawwe foar de taal en kultuer (4). Yn dit artikel wolle wy it belang fan de lytse skoalle foar de (Fryske) taal en kultuer ris wat kreker besjen. Der sil dan bliken dwaan, dat wy yn Fryslân in ekstra argumint hawwe om yn 'e pleit te gean foar de skoallen op de lytse doarpen. In argumint, dat net of folle minder jildt foar de lytse skoallen yn oare provinsjes.

Wy meitsje dêrby gebrûk fan in stekproef, dy't Tom Dykstra en ûnderskreaune yn 1976 op it fryskpratend plattelân (26 gemeenten, 80 % of mear frysktalich) útfierd hawwe. De stekproef bestie út 22 skoallen mei harren ûnderwizers. De skoallen foelen útinoar yn 4 ûnderwiissituaasjes: plakken ûnder en boppe 2000 ynwenners (mei in maksimum fan 10.000 ynw.) en ien- en twatalich ûnderwiis. (5)

De 87 learkrêften fan dizze skoallen leine wy in fragelist foar oer har opfettingen en in tal ûnderwiiswensten op it stik fan it Frysk. De útkomsten binne nijsgjirrigernôch om der yn De Pompeblêden ferslach fan te dwaan.

1.2. Hâlding fan ûnderwizers foar it Frysk oer

Foardat ús fragelist nei de skoallen gong leine wy foar ússels de folgjende stelling (hypothese) fêst:

"It ûnderwizend persoan fan twatalige skoallen hat in positivere attitude foar it Frysk op de legere skoalle oer as it persoan fan de ientalige skoallen."

In tolvetal fragen fan de fragelist waarden wurdarre neffens in 5-punt-skaal, dy't oprûn fan dúdlik negatyf oant sterk posityf. Ek de wurdarring foar elke fraach leine wy fan te foaren fêst.

De fragen hiene betrekking op de folgjende ûnderdielen:

1. It diploma/aktebesit op it mêd fan it Frysk
2. It brûken fan it Frysk as fiertaal yn 'e klas
3. Hokker taal in frysktalige learkrêft bûten de lesueren sels brûkt tsjin de bern
4. De opfetting oer it brûken fan it Frysk troch de bern as fiertaal bûten it fak Frysk (dus by "oare" fakken)
5. De ferplichte ynfiering fan it fak Frysk en de persepsje fan de problemen, dy't dat jaan kin
6. Hoe't men de ferplichte ynfiering fan it fak Frysk sjocht yn ferbân mei it rjocht fan fryske bern op dat fak
7. Hoe't men de ferplichting sjocht: as in te swiere belesting of as in taak dy't men mei nocht op jin nimt
8. De taak fan de legere skoalle om frysktalige bern it Frysk sa suver mooglik sprekke te learen
9. Oft de learkrêft it Frysk mei nocht of mei tsjinsin jout of jaan soe
10. Oft it taalûnderwiis by frysktalige bern omtinken jaan moat oan hollânske ynslûpsels ("hollannismen") yn it Frysk
11. Hoefolle omtinken der jûn wurdt oan it bewustmeitsjen (en tefoaren kommen) fan hollannismen
12. Hoe't de learkrêft syn/har ferantwurdlikheid sjocht op it stik fan it sa suver en krekt mooglik oerdragen fan it Frysk as taal-kultuergoed.

Op dizze fragen wiene op syn heechst 59 punten te heljen.

Operationalisearre kaam de hypothese op it folgjende del:

"De learkrêften fan it twatalich ûnderwiis skoare trochinoar ("gemiddeld") signifikant heger op attitude-items fan de enquête "Onderwijsgewoonten" as de learkrêften fan ientalige skoallen út de stekproef."

De fariabele "plakgrutte" spile yn de hypothese gjin rol. Yn ûndersteande tabel jouwe wy de resultaten fan ien- en twatalige skoallen:

	n	M	S.D.	df	t-wearde (6)
twatalige skoallen	42	47.17	10.504	85	2.007
ientalige skoallen	45	42.49	11.188		

It persoaniel fan twatalige skoallen kaam trochinoar op 47.17, de learkrêften fan ientalige skoallen op 42.49. Op in nivo fan $\alpha = 0.05$ is dit in "net tafallich" (of: signifikant) ferskil. D.w.s. der is mar in lytse kâns, dat der werklik tafallige oarsaken binne (7). De learkrêften fan it twatalich ûnderwiis hawwe dus in geunstiger hâlding foar it Frysk oer as har kollega's fan it ientalich ûnderwiis. Fansels wurdt men hjir net út gewaar oft der praat wurde kin fan in "bekearing" foar of nei de sollisitaasje. It liket ús lykwols net ûnwierskynlik ta, dat it wurkjen yn de twatalige skoalle liedt ta in gruttere identifikaasje mei it Frysk, benammen it brûken fan it Frysk by tal fan fakken. Wat ek de redenen binne: it ferdwinen fan lytse twatalige skoallen soe in ferlies betsjutte foar it Frysk. Minder kâns foar enthousiaste learkrêften en kom dêr oan de slach, minder briedplakken foar in sa posityf mooglike hâlding. Dat ek it ferdwinen fan ientalige skoallen op lytse plakken in ferlies neamd wurde mei, sille wy fierderop sjen.

1.3. De posysje fan it Frysk as fak

In twatal fragen fan de enquête stie yn ferbân mei it plak fan it Frysk as fak (of as ûnderdiel fan it fak, "Nederlandse taal en lezen").

Likegoed op lytse as grutte plakken, by it ien- as twatalich ûnderwiis sil de romte, dy't ynskikt wurdt foar it Frysk ferskille.

Hoe't it lân der hinne leit by it ûnderwiis op ús fryskpratend plattelân lit ûndersteande tabel sjen.

It giet dêrby om de tiid, dy't wyks oan it "fak" Frysk bestege wurdt troch de learkrêften.

	I ient.-gr.pl. n = 24 % learkr.	II ient.-ly.pl. n = 21 % learkr.	III twat.-gr.pl. n = 24 % learkr.	IV twat.-ly.pl. n = 18 % learkr.
tiid per wike:				
0 oere (neat)	70,8 %	42,8 %	8,3 %	11,2 %
< ½ oere	8,3 %	—	—	—
½-1 oere	20,8 %	52,4 %	54,2 %	22,2 %
1-1½ oere	—	—	16,7 %	22,2 %
> 1½ oere	—	4,8 %	20,8 %	44,4 %

Doe't wy ús stekproef holden (1976) joech in tige grut part fan de learkrêften út groep I (70,8 %) gjin Frysk. De pear, dy't wol wat diene kamen net boppe in oere wyks út.

It ientalich ûnderwiis op lytse plakken jout wat mear omtinken oan it Frysk. Mear as de helte docht der "wat" oan.

It byld is fierwei it fleurichst op de lytse doarpen mei twatalich ûnderwiis: 44,4 % fan de learkrêften, wurksum yn dy ûnderwiissituaasje, komt boppe de 1½ oere wyks út! No't de resultaten fan de ûndersiken fan Wynstra bekend binne en de "oare" as fryske ûnderwiisdoelen by it twatalich ûnderwiis ornaris net minder har gerak krije (8) as by it ientalich ûnderwiis, is der gjin behindering foar de skiften I en II (mar ek wol III) om mear tiid út te lûken foar it Frysk as fak.

Dat benammen de skoallen op de lytse doarpen (dus meastal ek de lytse skoallen) fan betsjutting binne foar de fryske kultuer is fansels mei dit ferhaal net folslein behannele.

Meikoarten sille wy dêrom omtinken jaan oan in tal oare aspekten (9).

S. T. Hiemstra

Noaten:

- (1) Sjoch b.g.: **Leeuwarder Courant**, 21 nov. 1977, "Tink om lytse doarpen".
- (2) **Advies van de werkgroep "Kleine Scholen"**, Prov. Onderwijsried fan Fryslân, diel 9, des. 1976.
De kleine kleuter- en lagere scholen (positiebepaling en perspektief), nota van het centraal overleg kleine scholen, sept. 1977.
- (3) **Forslach fan de 42ste gearkomste fan de Deistige Ried** fan de Prov. Onderwijsried fan Fryslân, 27 jan. 1978, s. 3.
- (4) J. Boorsma, "De lytse skoalle moat bestean bliuwe". Yn: **De Pompeblêden** 11 febr. 1978, s. 44 en 45.
- (5) Th. Dykstra en S. T. Hiemstra, **Schooltypen en interferentieproblematiek bij van huis uit friestalige kinderen**. S.P., maart 1977, s. 72-151.
Oanwêzich yn de Prov. Bibliotheek fan Fryslân.
- (6) De t-wearde wurdt metten mei in t-toets, in statistyske methoade om te bepalen oft der signifikante ferskillen besteane tusken de gemiddelden fan skoares dy't metten wurde ûnder twa of mear ferskillende kondysjes.
- (7) $t_{0.05} = 1.660$
Allinne dy resultaten hjitte "net tafallich" — en binne dus wittenskiplik nijsgjirrich — dy't men, as se yn 'e werklikheid dochs op tafallige oarsaken berêste, by 100 herhellingen fan itselde eksperimint, mar yn 5 of minder eksperiminten fine soe.
- (8) J. H. Wijnstra, **Het onderwijs aan van huis uit friestalige kinderen**. Verslag van een evaluatie-onderzoek in een meertalige regio. 's-Gravenhage, 1976.
J. H. Wijnstra, **Ien bern, twa talen**. Biheind forslach fan in evaluaasje-ûndersyk fan it ûnderwiis yn Fryslân. 's-Gravenhage, 1977.
Sjoch foar in besprek resp. **De Pompeblêden** fan 11 febr. 1978 en 25 febr. 1978: "Ien bern, twa talen (I) en (II)".
- (9) Mei tank oan Tom Dykstra foar syn tastimming ta de publikaasje fan in tal gegevens fan dit artikel, dat tsjinne hat as part fan in ynlieding holden foar de 4de ôfd. fan de Prov. Onderwijsried fan Fryslân op 5 okt. 1977.